FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan Deputearre Steaten en Provinsjale Steaten fan Fryslân
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Drachten, 23 febr. 2005

Underwerp: *In útstel foar de nije kearndoelen Frysk yn it basisûnderwiis 'Herziening doelstellingen Fries in het PO, december 2004'.*

Achte leden,

It bestjoer fan de FFU (Feriening Frysk ûnderwiis) advisearret mei klam it útstel fan it ministearje fan OC&W foar nije kearndoelen Frysk yn it basisûnderwiis yn 'Herziening doelstellingen Fries in het PO' net oer te nimmen. Wy wolle dat graach taljochtsje.

Wy binne fan betinken dat der in nau ferbân is en ek wêze moat tusken de fûnemintele prinsipen fan *lykweardigens* en *lykberjochting* fan it Frysk (oan it Nederlânsk) en de maatregels dy't nommen wurde om de posysje en status fan it Frysk yn ús provinsje te ferbetterjen. Beide prinsipen binne formeel fêstlein troch de provinsjale oerheid yn 1985 (*Fan Geunst nei Rjocht*). Dy prinsipen moatte dus it rjochtpunt wêze en bliuwe by it taalbelied. Ek yn it ûnderwiis. De (besteande) *spegeling* fan de kearndoelen fan Frysk oan dy fan it Nederlânsk wie ynoarder en dêrmei yn oerienstimming. Yn it útstel fan it Ministearje is dit net langer it gefal en dat betsjut in fikse stap tebek.

No't de wrâld hieltyd mear, ek yn kultureel opsicht, in iepen wrâld wurdt, is in ferswakking fan de *formele* en *ynhâldlike* posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis in min ding. It maatskiplik domein fan it ûnderwiis wurdt hieltyd wichtiger foar it passive, mar ek aktive gebrûk fan de taal yn it iepenbiere libben. Troch tanimmende migraasje en it opkringen fan it Nederlânsk en it Ingelsk yn it iepenbiere libben yn ús provinsje driget it Frysk op termyn in dialekt fan it Nederlânsk, in 'Frollânsk', te wurden. Goed en foldwaande twa-/meartalich ûnderwiis kin soks tefoaren komme of bestride.

Foar alle bern hat twatalich ûnderwiis kognityf in posityf effekt. Boppedat leare beide taalgroepen inoars taal (better) te respektearjen. Dat is benammen foar de Hollânsktaligen fan belang. Foar Frysktaligen is it ûntwikkeljen fan in posityf selsbyld fan betsjutting as it om de wearde en it brûken fan har taal giet. Dat kin bydrage ta in jin net langer hoege te 'ferbrekken' op grûn fan in oanprate en oanlearde 'fatsoens'-noarm. Unlykweardigens wurket soks lykwols yn 'e hân.

Kearndoelen wurde om de fjouwer jier evaluearre en mooglik bysteld yn opdracht fan de minister fan ûnderwiis. It *earste* SLO-konsept (2003) hold foar it Frysk noch minder yn as foar it fak Ingelsk. Oerlis mei saakkundigen *út Fryslân* koe it nivo fan de kearndoelen omheech helje op itselde nivo as it *Ingelsk* (hjir in frjemde taal), mar de spegeling fan de kearndoelen Frysk oan dy foar it Nederlânsk - dy't al sûnt it begjin fan it wurkjen mei kearndoelen in *goed* en *prinsipieel* te rjochtfeardigjen *útgongspunt* wie - krige gjin mearderheid. De yn 'Herziening doelstellingen Fries in het PO'

oernommen kearndoelen foar it Frysk binne sadwaande *net langer spegele* oan dy foar it Hollânsk (2004).

Wy sette ús *beswieren* tsjin dit ministerieel útstel fan nije kearndoelen jitris op in rychje:
1. De *lykweardichheid* en *lykberjochtiging* fan it Frysk as taal (yn de basisskoalle) wurde oantaast. Underwiis yn it Frysk hat dêrtroch net mear *deselde status* as it Hollânsk en dat sil ta gefolch hawwe dat skoallen mei gjin positive hâlding foar it Frysk oer, dat fak hielendal oan de kant lizze.
2. *Yntegraal* taalûnderwiis - mei rjocht en reden in goede doelstelling fan DS - giet út fan twatalich ûnderwiis op basis fan *lykweardigens*. As beide talen *net* deselde *status* hawwe en ek net as sadanich *behannele* wurde, dan wurket sok 'twatalich' ûnderwiis *healtaligens* yn de hân en dat is (ek) kognityf in min ding (lykas alle ynternasjonaal ûndersyk oanjout).
3. De Fryske taal wurdt dêrmei yn eigen taalgebiet formeel degradearre ta in *twadderangstaal* en sa'n beslissing liket ús yn striid mei de *Bestjoersôfspraak* mei it Ryk, de ûnderskreaune bepalings yn it *Hânfêst* en it yn desimber troch de Earste Keamer ûndertekene *Kaderferdrach* oangeande de Nasjonale Minderheden sûnder eigen steat.

De taalpolityk en ek ûnderwiiskundich bêste oplossing is dat de kearndoelen Frysk foar it basisûnderwiis (yn prinsipe) *spegele* binne en bliuwe oan dy foar it Nederlânsk. Kearndoelen binne troch de lanlike oerheid *ferplichte* doelen foar de skoallen om yn it programma op te nimmen en op syn minst *nei te stribjen*. It seit himsels dat net alle learlingen like fier komme.

In foarbyld: ek foar rekkenjen komme alle learlingen net like fier, mar de provinsjale oerheid hellet it net yn de holle om út te stellen de doelen mar nei *ûnderen* ta by te stellen. Krektoarsom! Der wurdt no alle war dien om nei te gean wêrom't dy rekkendoelen net helle wurde om dêr dan in ferbetteringsstratezjy opsette te kinnen! Men wol ommers gjin ûnderwiisefterstannen!!

De ryksoerheid hellet it likemin yn 'e holle om de doelen foar allochtoane learlingen mei in net al te bêste begjinsituaasje op it mêd fan de Nederlânske taal en kultuer, nei ûnderen ta by te stellen omdat sokke learlingen dy dochs net helje kinne soene. Al wer krektoarsom. Alles wurdt hjoed de dei út 'e kast helle om de doelen op it mêd fan de Nederlânske taal en kultuer wol te berikken. Foar it Frysk heart dat net oars te lizzen.

Wêrom no wol sa'n dûbelde taalmoraal as it om de twadde rykstaal, it Frysk, giet?

De *echte* oarsaken fan de minne resultaten foar it Frysk moatte dus oanpakt wurde. Dy oarsaken binne:
a. De skoallen lûke *te min tiid* út foar it fak (foar gjin inkeld fak wurdt it tal lesoeren foarskreaun).
b. It Frysk is *amper fier- en ynstruksjetaal* by oare fakken en wurdt dan faak ek noch *ferkeard* brûkt.
c. It Frysk is in *isolearre fak* en stiet net foldwaande yn it ramt fan *goed* en *foldwaande twatalich* ûnderwiis.
d. In grut part de learkrêften hat gjin goede *mûnlinge* en benammen gjin goede *skriftlike behearsking* fan it Frysk.

Boppedat spilet by skoalbestjoeren en ûnder learkrêften de ferlamjende eangst in grutte rol, dat tiid foar it Frysk minne resultaten foar it Hollânsk opsmite sil. It yn 2004 publisearre FA-ûndersyk (Van Ruyven) nei de saneamde efterstannen yn it Fryske basisûnderwiis en de diskusje dêroer hat dy eangst om 'der-op-ôfrekkene-te-wurden' allinnich noch mar grutter makke, nettsjinsteande it feit dat

út har ûndersyk bliken dien hat dat it Frysk *gjin negative* faktor is. Dit ûndersyk hat yn de praktyk dochs skealik west foar it tinken oer it Frysk en dat beynfloedet wer it hanneljen.

Oar ûndersyk jout oan dat it krektoarsom is: goed twatalich ûnderwiis jout *bettere* resultaten, benammen foar de minderheidstaal. Dêrom is it diskriminearjend om de *lykweardichheid* fan de kearndoelen Frysk en Nederlânsk sûnder mear as *net realistysk* en *net helber* oan te tsjutten. It is in lakreden. Benammen yn it ljocht fan it feit dat foar gjin inkeld fak op de basisskoalle troch *alle* bern *alle* kearndoelen *folslein* helle wurde.

De differinsjaasjemooglikheden yn 'Herziening doelstellingen Fries in het PO' en de oanset ta *kontrôle* (fisitaasje) binne prima en kinne *likegoed* tapast wurde by *gelikense* kearndoelen Frysk en Nederlânsk. *Differinsjaasje* heart allinnich in ûnderwiiskundich *middel* te wêzen. It giet dan om de *taskikte leartiid*, de *wurkwize* en it *fazearre* oanbod om derfoar te soargjen dat *yn begjinsel alle bern alle (kearn)doelen* neistribje en sadwaande *mear of minder* helje sille. De kearndoelen sels hearre dêrom, as nei te stribjen doelen, *lykweardich* te bliuwen oan dy fan it Nederlânsk!

Yn in stêd as Ljouwert is it *likegoed* mooglik om de spegele kearndoelen nei te stribjen en ridlike oant bêste resultaten te heljen as soks mar *systematysk* fan groep 1 ôf oanpakt wurdt. As dat lêste *nèt dien wurdt* - en dat is it 'echte' probleem - dan giet it net oan om te sizzen dat de besteande (spegele) kearndoelen Frysk net te heljen binne.

Wy hoopje dat jimme, as Deputearre en Provinsjale Steaten, de ferkearde marsrûte dy't útset wurdt mei it ministeriële útstel, noch sa ombûge kinne, dat de beide provinsjale grûnprinsipen net oantaast wurde en de spegeling yn prinsipe oerein bliuwt.

Mei rju achtinge,
foar de *Feriening Frysk Underwiis*,

S.T. Hiemstra, skriuwer